

Op 20 jûn 1907 waard Pieter Jongsma...

In de Fryske Beker...

Op 20 jûn 1907 waard Pieter Jongsma...

In de Fryske Beker...

Op 20 jûn 1907 waard Pieter Jongsma...

In de Fryske Beker...

Op 20 jûn 1907 waard Pieter Jongsma...

In de Fryske Beker...

Op 20 jûn 1907 waard Pieter Jongsma...

# LETTER HOEKE




ONSCULD  
DET DEN  
RKER U

LANGLEVE  
HET  
SOCIALISME

HOU  
NIET  
DOO





In jonge Rink van der Velde. De neilittenskip fan de skriuwer is oan Tresoar oerdroegen.  
Lês dêr mear oer op side 26-27. (Tresoar, foto Sjoerd Andringa)

Yn Obe by Tresoar is de tentoanstelling 'Rjocht of Unrjocht? Wanhoop en woede om de Hogerhuis-zaak' te sjen. Dêryn kinst lêze oer de bruorren Wybren, Marten en Keimpe Hogerhuis dy't yn 1896 foar in ynbraak feroardiele waarden ta lange selstraffen. Mar wienen se wol skuldich? Yn de tentoanstelling krijt de besiker ynformaasje om sa sels ta in oardiel te kommen.

Yn Tresoar is Kafee De Gouden Leeuw iepen. Kom del om nei de dichterstelefoan fan Operaesje Fers te harkjen, yn in Frysk boek te lêzen of gewoan te genietsjen fan de smûke sfear of fan tal fan (literêre) aktiviteiten.

### Bysûndere fynst

Arjen Dijkstra die in bysûndere fynst yn de kolleksje fan Tresoar

In Obe by Tresoar is de tentoanstelling 'Rjocht of Unrjocht? Wanhoop en woede om de Hogerhuis-zaak' te zien. Daarin kun je lezen over de gebroeders Wybren, Marten en Keimpe Hogerhuis die in 1896 voor een inbraak werden veroordeeld tot lange celstraffen. Maar waren ze wel schuldig? In de tentoanstelling krijgt de bezoeker informatie om zo zelf tot een oordeel te komen. In Tresoar is Kafee De Gouden Leeuw open. Kom langs om naar de dichterstelefoon van Operaesje Fers te luisteren, in een Fries boek te lezen of gewoon te genieten van de gezellige sfeer of van vele (literaire) activiteiten.

### Bijzondere vondst

Arjen Dijkstra deed een bijzondere vondst in de collectie van Tresoar die een van de mythen

dy't ien fan de myten oer Eise Eisinga ûntkrêftet. Dit jier is it 80 jier lyn dat de Molkstaking útbruts. Manmachtich leinen Friezen it wurk del út protest tsjin de maatregels fan de Dútsers. It wie in kearpunt yn de Twadde Wrâldoarloch. Bert Looper skriuwt oer it deiboek fan Jan en Tjitske Eisenga.

### Fryske literatuer

Yn dizze Letterhoeke is in soad omtinken foar Fryske literatuer mei ûndersyk nei Fryske dichterssen, de Skriuwersfakskoalle, Italiaanske

oersettingen fan Fryske gedichten en nijsgjirrige oanwinsten fan Rink van der Velde. En achter de skermen wurdt drok wurke oan it auteursportaal mei dêryn alles oer Theun de Vries.

### Nije meiwurkers

Klaas Roorda is dit jier oannommen as meiwurker konservearring. Rieneke Speerstra is begûn as koördinator frijwilligers en stiper publyksaktiviteiten en Froukje Sijsma is oannommen as contentmakker-redakteur û.o. op it mêd fan de Fryske literatuer. ■



Klaas Roorda. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)



Rieneke Speerstra. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)



Froukje Sijsma. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)

over Eise Eisinga ontkracht. Dit jaar is het 80 jaar geleden dat de Melkstaking uitbrak. Massaal legden Friezen het werk neer uit protest tegen de maatregelen van de Duitsers. Het was een keerpunt in de Tweede Wereldoorlog. Bert Looper schrijft over het dagboek van Jan en Tjitske Eisenga.

### Friese literatuur

In deze Letterhoeke is er veel aandacht voor Friese literatuur met onderzoek naar Friese dichterssen, de Skriuwersfakskoalle, Italiaanse vertalingen van Friese gedichten en interessante

aanwinsten van Rink van der Velde. En achter de schermen wordt druk gewerkt aan het auteursportaal met daarin alles over Theun de Vries.

### Nieuwe medewerkers

Klaas Roorda is dit jaar aangenomen als medewerker conservering. Rieneke Speerstra is begonnen als coördinator vrijwilligers en ondersteuner publieksactiviteiten en Froukje Sijsma is aangenomen als contentmaker-redacteur o.a. op het gebied van de Friese literatuur. ■





## 6 Schuldig?




## 8 Bewijs



## 14 Molkstaking

## 16 Auteursportaal






## 20 Skriuwer wurde



## 28 Eeltsje Hettinga

- 6 **Rjocht of Unrjocht? Wanhoop en woede om de Hogerhuis-zaak**
- 8 **Spectaculaire vondst zet Eisinga in ander licht**  
Arjen Dijkstra
- 10 **Undersyk nei Fryske dichtersessen**  
Janneke Spoelstra
- 12 **Taalkabaal-Kabaaltaal**  
Binne Reitsma en Jacob Roep
- 13 **Operaasje audio: Fryske poëzy yn it Italiaansk**  
Syds Wiersma
- 14 **'Hoe sil ik fierder gean yn dyn deiboek'**  
Bert Looper
- 16 **Van schenking tot online auteursportaal**  
Tjarda de Haan, Luc de Vries en Reem Weda
- 18 **Wer in puzelstikje fûn: eardere besitter fan R 10 bekend**  
Undersykgroep Pastei
- 20 **Skriuwersfakskoalle: 'It sykje nei in eigen stim'**  
Marijke de Boer
- 23 **Kafee De Gouden Leeuw**
- 24 **Medewerker aan het woord: Brigitte Lee**  
Marijke de Boer
- 26 **Oanwinst: Unbekend wurk fan Rink van der Velde**  
Jelle Krol
- 28 **De Moanne: Bondelpresintaasje Eeltsje Hettinga**
- 29 **Twee Fellows**
- 30 **Nijs fan de Freonen**
- 31 **Kolofon**
- 32 **Aktiviteiten**

# Rjocht of Unrjocht? Wanhoop en woede om de Hogerhuis-zaak



**PROTESTEN**

After 1812 there were 23 petitions for 100 days in 1812 and 1813. The first petition was presented to the States-General on 10 October 1812. It was signed by 100 citizens of Amsterdam. The petitioners demanded that the States-General should take measures to prevent the continuation of the French occupation of the Netherlands. They also demanded that the States-General should take measures to prevent the continuation of the French occupation of the Netherlands.



Wij eischen  
herstel!!

Wij eisen  
unrjochtaak!



In de tentoonstelling 'Rjocht of Unrjocht? Wanhoop en woede om de Hogerhuis-zaak heropenen we in Obe by Tresoar de rechtszaak van de broers Wybren, Marten en Keimpe Hogerhuis uit Beetgum. In 1896 werden ze veroordeeld tot jarenlange celstraffen in eenzame opsluiting voor inbraak bij boer Haitsma in Britsum.

Er zou sprake zijn van ongehoorwaardige en tegenstrijdige getuigenverklaringen van de boer, de huishoudster en haar broer, gebrekkige bewijsvoering en klassenjustitie. Bij elke nieuwe informatie groeide de verbijstering en verontwaardiging onder het publiek. De rechtszaak tegen de broers werd een bekende en politieke zaak. In Friesland werden manifestaties, vergaderingen en petities georganiseerd en later ook in heel Nederland, toen advocaat en socialistisch voorman Pieter Jelles Troelstra zich met de zaak ging bemoeien.

Welke rol spelen een lantaarn, een konijnenhok en bloed op het

venster in het onderzoek? In deze interactieve tentoonstelling kan de bezoeker de Hogerhuis-zaak opnieuw onderzoeken en zelf oordelen. Informatie over onder andere de inbraak, bewijsvoering en getuigenissen helpen om antwoord te geven op de vraag: zijn de gebroeders Hogerhuis schuldig of niet?

Tresoar bewaart naast het complete strafdossier van de zaak Hogerhuis gevangenisregisters met daarin informatie over rechtszaken en gevangenen. Het gevangeniswezen in Friesland is onderdeel van de tentoonstelling. ■

### Traliewerk

Voor het invoeren van de gevangenisregisters is een nieuw project opgezet vanuit het platform VeleHanden. Het project met de naam Traliewerk gaat van start op donderdag 13 april met een middag voor alle vrijwilligers die mee willen helpen om deze gegevens in te voeren. De gebroeders Anker komen verhalen vertellen uit hun praktijk en daarna demonstreren wij hoe het invoeren in zijn werk gaat en is er ruimte voor vragen. Kijk voor meer informatie en aanmelden in de agenda op [www.tresoar.nl](http://www.tresoar.nl).

De Hogerhuis-zaak kreeg landelijke bekendheid toen advocaat Pieter Jelles Troelstra zich ermee bemoeide. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)

Nazaten van de gebroeders Hogerhuis openden de tentoonstelling door een blokje te leggen op de grote weegschaal die 'rjocht' of 'unrjocht' aangeeft. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)



Wat: tentoonstelling  
Waar: Obe by Tresoar  
Wanneer: tot en met  
11 juni

# Spectaculaire vondst zet Eisinga in ander licht

Eise Eisinga is vooral bekend als maker van zijn Planetarium in Franeker, het oudste werkende model van het zonnestelsel ter wereld. Sinds de voltooiing in 1781 wordt er al over Eisinga geschreven. Hij was 'het eenzame genie dat zichzelf wiskunde en astronomie leerde' en hij 'zette bijna stiekem zijn meesterwerk in elkaar'. Een spectaculaire vondst in de collectie van Tresoar rekt voorgoed af met dit beeld van een autodidact.

Door historici is Eisinga (1744-1828) lang aangeduid als een autodidact. Hij had zijn Planetarium bedacht en zelfs gemaakt zonder dat iemand hem er op enige manier bij hielp. Hij kende wel andere amateurwiskundigen, maar met de geleerden van de universiteit van Franeker had hij zeker geen contact. 'Eisinga was an autodidact and worked in isolation from the academic community', zo stond het zelfs in een belangrijk wetenschappelijk tijdschrift in 1998.

## Handschriften


Belangrijk voor het ontstaan van dit beeld is een serie prachtige handschriften die Eisinga naliet. In die handschriften, waarvan Tresoar er een aantal in bezit heeft, maakt een jonge Eise een reis door de wiskunde en astronomie. Op iedere bladzijde zie je dat

hij een stap verder zet, iets meer leert. Het eerste manuscript begint met de vraag 'Wat is rekenkunde', in het laatste maakt Eisinga moeilijke astronomische berekeningen, waarin hij allerlei factoren, zoals de exacte positie van de aarde, in ogenschouw neemt. In mijn biografie van Eisinga, *De Hemelbouwer*, betoogde ik al

dat een groot deel van de opgaven die hij maakt uit andere boeken komen. De meeste sommen zijn terug te vinden in oudere, gepubliceerde lesboeken over de wiskunde.

Uit de handschriften is op te maken dat Eisinga les kreeg in de wiskunde – hij leerde het zichzelf dus niet aan. We weten uit andere bronnen zelfs de naam van zijn leraar: Willem Wytzes, een blauwverver en wolkammersknecht. Eise zou later, net als zijn vader meester wolkammer worden. Wytzes werkte waarschijnlijk voor zo'n wolkammer. Tot mijn stomme verbazing, blijkt Tresoar van deze Wytzes een manuscript in de collectie te hebben, zo ontdekte ik onlangs.

Een oplossing uit het manuscript dat Eise Eisinga samenstelde als leerling van Willem Wytzes.





## Manuscript

Het manuscript heeft de summier omschrijving 'Meetkonst van W.W. 4to'. Dat 4to slaat op het formaat en is vrij standaard, maar die W.W. wekte direct mijn interesse. In het depot zocht ik het manuscript op. Het eerste wat me opviel, was een briefje voorin: dit handschrift was een collegedictaat gemaakt aan de universiteit van Franeker, zo staat er. Het is moeilijk om dit bevestigd te krijgen, maar een bibliothecaris of een archivaris vóór ons heeft dat zo opgeschreven.

Wat mij daarna opviel, was dat ik wiskundige opgaven herkende. Het waren dezelfde als Eisinga had uitgewerkt! Het manuscript bevat meer dan alleen meetkunde, maar er zitten ook andere vormen van wiskunde in. Ik nam foto's


met mijn telefoon, die ik later vergeleek met digitale foto's van de handschriften van Eisinga. Het waren dezelfde opgaven. Op basis van wat ik verder vond, lijkt het mij aannemelijk dat W.W., die dit manuscript maakte, Willem Wytzes was. Hij kwam uit IJlst, maar woonde en werkte in Franeker. We mogen aannemen dat hij daar aan de universiteit lessen in de wiskunde kreeg. Wiskunde was namelijk het enige vak dat open stond voor studenten die geen Latijn kenden, het waren speciale colleges waar ook een wolkammersknecht aan deel kon nemen. Het lijkt logisch om te veronderstellen dat Wytzes daarna zijn lessen aan Eisinga gaf, op basis van wat hij zelf aan de universiteit van Franeker leerde.

## Geen autodidact

Wat in ieder geval met zekerheid gezegd kan worden, is dat Eisinga dezelfde lessen kreeg als die in het manuscript van W.W. opgetekend zijn. Behalve dat af en toe Latijnse termen (er staan er een paar in) zijn vervangen zijn door Nederlandse termen. Verder is vrijwel alles exact terug te vinden in Eisinga's uitwerkingen van de lessen van Wytzes.

Hiermee wordt dus duidelijk dat Eisinga niet in isolatie van de universiteit werkte, maar er juist de vruchten van plukte. En dat is natuurlijk een veel mooier en begrijpelijker beeld van het verleden, dan dat van iemand die alleen, helemaal op eigen houtje, zich de wiskunde en astronomie eigen maakte. ■

De oplossing uit het manuscript van 'W.W.' (Tresoar, foto Haye Bijlstra)



# Undersyk nei Fryske

Dichtsje froulju wol, mar hawwe se minder de ambysje en/of de tiid om har wurk oan te bieden by in tydskrift en har wurk te bondeljen? Hoe sjogge Fryske dichtersessen hjoed-de-dei har eigen posysje yn it Frysk literêre fjild? Wat fine se fan de resepsje fan harren poëzy? Dat soarte fan fragen draait it yn myn ynterviewprojekt om dêr't ik ferline jier mei úteinset bin.

Ik hâld fraachpetearen mei sa'n tsien Fryske dichtersessen dy't nei 1987 ien of mear dichtbondels publisearre hawwe. Nei 1987, want dat wie de eindatum foar it boek fan Jelma Knol, 'út syn aerd wei froulik': *de Fryske dichtersessen en it misferstân*, dat yn 1993 útkommen is. De nije ynterviewbondel wol dêrfan in update wêze. Watfoar ûntjouwing hawwe dichtersessen út dat boek, dy't no noch warber binne, neitiid sjen litten? Hokker nije dichtersessen hawwe har yn 'e ôfrûne fiifentritich jier oppenearre? It misferstân dat Knol beneamde – 'de ferûnderstelling dat froulju a priori oars dichtsjen as manlju. Dat it wurk

'út syn aerd wei froulik' is en yn haadsaak út persoanlike, mar gauris foarmleaze leafdeslyryk bestiet' – is dat wilens út 'e wei?

Mei de ynterviews en in pear skôgjende stikken hoopje ik in byld te sketsen fan de gong fan saken yn de Fryske poëzy skreaun troch froulju nei 1987. De bondel wurdt opnommen yn 'e Literêre Rigen fan de Fryske Akademy en ferskynt takom jier by de Afûk.

## Aggie van der Meer en Albertina Soepboer

Wilens haw ik in ynterview holden mei Aggie van der Meer (1927) en mei Albertina Soepboer (1969). Beide hawwe se yn de ôfrûne desennia hiel produktyf west wat poëzy oanbelanget, mar se hawwe ek proaza en teäterteksten skreaun. Dreamden se as bern der al fan om in Fryske dichter/dichteresse te wurden? Nee dus. Aggie van der Meer har literêr skriuwen kaam krekt op gong nei har santichste, doe't se mei har wurk as tûnarsjitekt opholden wie. Dat wist ik, mar dat it har altyd spiten hat dat se net ûnder har famkesnamme begûn is te skriuwen, dat wie nij foar my. Albertina Soepboer kaam op 'e universiteit by in byfak Frysk mei de poëzy fan Margryt Poortstra yn 'e kunde en tocht fan: O? O? Soepboer wie yn

### Minderheid

As varieding op 'e ynterviews skreau ik ferline jier in artikel, en hold ik in lêzing yn Skotlân op in kongres mei as tema 'Homing in'. Ik stelde my de fraach oft Fryske dichtersessen har wat thúsfiele kinne yn 'e Fryske literatuer, as men betinkt dat de froulju dêr talsmjittich noch hieltyd in dúdlike minderheid yn foarmje. In twadde lêzing ('Wêr bliuwe de froulju?')

hold ik op de *Conference on Frisian Humanities*, yn Ljouwert. Yn beide lêzingen haw ik sifers jûn, om te ferlykjen mei de sifers fan Knol út 1993, en guon nije. Lykas dat fan it tal bydragen yn Frysk literêr tydskrift *Ensafh* sa'n 20 prosint ôfkomstich is fan froulju (papierien jiergongen 2020 en 2021). En dat it tal dichtbondels dat troch froulju útbrocht is yn 'e lêste 5 jier 24 prosint útmakket fan it totaal

(telling op basis fan boekprofielen Tresoar fan 2017-2021). Dat by Dichterskollektyf Rixt hast likefolle froulju (25) oansletten binne as manlju (28, stân fan saken yn febrewaris 2022) mar dat, wat it tal bydragen oanbelanget, de froulju fier better bliuwe. En dat de tredde Dichter fan Fryslân, Sigrid Kingma, frou is. Fan beide lêzingen is de tekst te finen by *Ensafh* (nr. 4, 2022 en [www.ensafh.nl](http://www.ensafh.nl)).

# dichtersessen



Tine Bethlehem yn 1988. (Tresoar, foto Anneke Bleeker)

dy jierren mei poëzy dwaande yn it Nederlânsk, yn it Spaansk, en ek yn it Frysk, en rôle as tweintiger de Fryske literatuer yn. Wat in lytse kultuurskok betsjutte foar har. Yn Grins bestie it literêre fermidden dêr't se har yn bejoech út leeftiidsgenoaten, yn Fryslân wie dat oars.

## Utljochte

Foar [www.tresoar.nl/literatuur](http://www.tresoar.nl/literatuur) skriu ik (yn de rubryk Utljochte) oer Margryt Poortstra en oer Tine Bethlehem. Yn it boek fan Jelma Knol stiet in ynterview mei Margryt Poortstra, mei as titel 'Ik ha op dit stuit in kosmysk libbensgefoel.' Se wie doe krekt debutearre as dichteresse mei *Krúswetter* (1987). Hoe't dat him ferhâldt ta har lettere bondels, dêr bin ik benijd nei, en oft der nochris wer in bondel komt. Tine Bethlehem debutearre yn 1958 yn literêr tydskrift *De Tsjerne*, mei in fers dat, sûnder dat se it wist, troch



Margryt Poortstra yn 1988. (Tresoar, foto Anneke Bleeker)

ien opstjoerd wie. Har debútbondel, *Swietroken en koperblazers*, kaam krekt yn 1995 út. De bondel hat in nijsgjirrige opbou: fan 1995 werom nei 1955. It libben 'omstekeard', soe men sizze kinne. De bondel einiget like spitich as nijsgjirrich mei de meidieling dat Tine Bethlehem net foarkomt yn *De Spiegel van de Friese Poëzie*, dy't ek yn 1995 útkaam. In bondel as korreksje op 'e kanon? ■

De literêre webside Sirkwy is koartlyn yntegrearre yn de webside fan Tresoar ([www.tresoar.nl/literatuur](http://www.tresoar.nl/literatuur)). Yn de rubryk Utljochte binne lêsten twa nije dossiers pleatst. Hein Jaap Hilarides ferdjippe him yn it wurk fan Piter Boersma en Abe de Vries dûkte yn it wurk fan Eppie Dam.



# Taalkabaal- Kabaaltaal

Hoe ontwikkelen kinderen hun taalbewustzijn en hoe beleven ze taal? Dat kunnen leerlingen van groep 3 en 4 van het basisonderwijs in het nieuwe lesprogramma leren.


Voor het komende schooljaar (2023-2024) heeft de afdeling Educatie van Tresoar het programma Taalkabaal-Kabaaltaal ontwikkeld. Hierbij komen verschillende talen aan de orde. Welke talen dat zijn, hangt af van de verschillende talen die de kinderen (ook thuis) spreken. Tijdens de les luisteren we naar die talen. Kinderen ontdekken verschillende woorden en klanken in die talen.

Op deze manier ontwikkelen ze hun taalbewustzijn. Het tweede onderdeel van dit lesprogramma gaat over meertaligheid. De kinderen krijgen een werkblad waarop verschillende afbeeldingen van voorwerpen staan. Ze bedenken hierbij het woord in hun eigen taal. Bijvoorbeeld: kerk (Nederlands), tsjerke (Fries) en church (Engels). Verder gaan kinderen de klanken uitspreken, zodat ze het

verschillen horen tussen harde en zachte klanken. Welke letter staat voor hard en welke voor zacht?

## Rood en blauw

We gaan ook taal beleven. We zoeken naar de kleur en de klank van een letter. De kinderen krijgen dan een buisje met gekleurde letters, waarbij rode letters voor warmte staan en blauwe voor kou. Met losse letters maken de kinderen woorden. Dit kan in het Nederlands, maar ook in hun eigen taal zoals het Fries, Koerdisch, Turks of welke andere taal dan ook. Dat levert nieuwe woorden op die we nog niet kennen. Taal wordt door iedereen gebruikt. We willen dit ook uitdragen. Met dit programma gaan kinderen op een speelse manier met taal en meertaligheid aan de slag. Een taal die we allemaal kunnen verstaan. ■



Taalkabaal is een nieuw lesprogramma voor de groepen 3 en 4. (Tresoar, foto Jacob Roep)

Tresoar biedt educatieve programma's voor het onderwijs, van primair en voortgezet onderwijs tot middelbaar, hoger beroepsonderwijs en wetenschappelijk onderwijs. Op [www.tresoar.nl/bezoeken/educatie](http://www.tresoar.nl/bezoeken/educatie) staat meer informatie. Meer weten over de mogelijkheden? Mail naar [educatie@tresoar.nl](mailto:educatie@tresoar.nl).

# Fryske poëzy yn it Italiaansk

Dizze maitiid publisearje wy in wichtige literêre audiokolleksje: opnames sammele troch it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum fan ein jierren fyftich ôf, en dan it part dat op âlde bânrecorderspuollen stiet. Dy binne troch it Frysk Film & Audio Argyf op 'e nij digitalisearre en frijwilliger Fedde Dijkstra wurket oan goede beskriuwingen fan wat er dêrom heart.

In peareltsje út dy kolleksje is in projekt dat presys hûndert jier lyn begûn: Italiaanske oersettingen fan Fryske gedichten troch dr. Giacomo Prampolini. Dizze polyglot en oersetter út Spello wie in spesjalist op it mêd fan de Nederlânske en Flaamske literatuer. Yn 1927 ferskynde syn *La Letteratura Olandese e Fiamminga: Antologia (1880-1924)*. Op reis troch de letteren fan de lege lannen kaam it Frysk ek op syn paad. Dichteresse Rixt (Hendrika Akke van Dorssen) fertelt op ien fan de lûdsbannen dat se yn de jierren tritich hearde dat in gedicht fan har yn in Italiaansk literêr tydskrift publisearre wie. Yn de Provinsjale Biblioteek fûn se de oersetting fan har gedicht

'Hja dy't út de stilte komme' yn it *Giornale di poesia* (jiergong 1923) werom as 'O coloro que vengeno di silenzio'. 'Ik wie yn de sânde himel', seit se. Se learde de oersetting út 'e holle en song de wurden no en dan op in wize dy't se sels makke hie. Se skreau Prampolini ek in brief en der kamen brieven werom. It sette Prampolini oan ta mear oersettingen en yn 1952 ferskynde *Poeti Frisoni d'Olanda*, in earste antology fan Fryske poëzy yn it Italiaansk.

Sân jier letter wie Prampolini yn Nederlân om lêzingen te jaan en kaam er ek nei Ljouwert dêr't in entûsjaste groep Fryske dichters him ûntfong. Neffens Rixt hie Prampolini noch noait in wurd

Frysk heard. De dichters droegen dêrom foar him foar en der waard in lûdsbân presintearre mei in ferskaat oan Fryske poëzy.

It is in aardichheid om de opnames te beharkjen. Allerearst Rixt sels, dy't mei Italiaanske passy 'k Sil foar dy sjonge' (oerset as 'Canterò per te') foardraacht. Opfallend binne de ferskillen tusken de sonoare foardrachten fan Douwe Tamminga en Fedde Schurer en de dimmene, mear deistige stimmen fan Sjoerd Spanninga, Freark Dam of Marten Sikkema. En samar ynienen dêrtusken de breklike stim fan de doe njoggentich-jierrige Obe Postma dy't op monumintale wize syn fers 'Ein' foarlêst. De fersen op de lûdsbân binne ein jierren sechtich opnaam yn it boekje *Fersen foar Giacomo Prampolini*, dat útjûn waard troch it Pedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy. De gedichten op de lûdsbân út de jierren fyftich binne te beharkjen op ús Soundcloud-kanaal ([soundcloud.com](https://www.soundcloud.com)). ■

Prampolini (links) wolkom hiten troch steand (f.l.n.r.) Hylkje Goïnga, Anne Wadman, Douwe Tamminga en Hendrika Akke van Dorssen, 1959 yn Ljouwert. (Foto Tresoar)



Yn de rubryk Operaasje Audio skriuwt Syds Wiersma oer bysûndere fynsten en ûntjouwingen by it Frysk Film & Audio Argyf. De kommende jierren wurde audiokolleksjes út de Tresoardepots beskreaun en digitalisearre en komme se, as dat wat rjochten kin, ek online beskikber.

# 'Hoe sil ik fierder gean yn dyn deiboek'

Oer de Molkstaking fan april-maaie 1943 is al in protte skreaun. It is ien fan de 41 finsters yn de kanon fan de skiednis fan Fryslân. Dêrmei wurdt rjocht dien oan de grutte ynfloed dy't dy maaiedagen hân hawwe op it fierdere ferrin fan de Twadde Wrâldoarloch, benammen it opkommen fan it ferset tsjin de Dútsers. Ien fan de bekendste slachtoffers fan dy maaiedagen wie de Gordykster ûnderwizer Jan Eisenga. Hy hâlde in deiboek, dêr't syn frou Tjitske fierder yn gie nei de eksekúsje fan har man.

Yn Fryslân hat de april-maaiestaking in eigen namme krigen: de Molkstaking. Benammen de boeren lieten harren protest hearre en sjen troch gjin molke mear te leverjen oan de fabriken, en it leaver weirinne te litten yn sleatten en fearten. Ek yn ús provinsje wie de reaksje fan de Dútsers fûl en wreed en binne 22 minsken foar



Troufoto Jan Eisenga en Tjitske Eisenga-de Groot, 25 maart 1933. (Foto famylje-argyf Eisenga)

## Molkstaking

Yn hiel it lân kaam op 29 april 1943 in protte ferset tsjin de maatregel fan de besetter om alle Nederlânske militêren, dy't yn maaie 1940 nei de kapitulaasje wer nei hûs ta mochten, op te roppen foar de 'Arbeidseinsatz' yn de Dútske fabriken. It ferset begûn mei in staking by Stork yn Hengelo, mar fersprate him al gau oer hiel it lân. De Dútsers lieten dit net gewurde en toanden, eins foar it earst, harren wiere gesicht. It stân-rjocht waard ynfierd en minsken dy't dochs trochstaakten, koene fuortendaliks deasketten wurde. Dizze reaksje wie sa hurd dat op 3 maaie de staking oer wie. Mar it betsjutte wol dat elkenien seach hoe wreed de besetter wie en dat joech in sterke ympuls oan it organisearre ferset.



it fjoerpeloton of yn de dolle roes deasketten. Yn de hiele provinsje, bygelyks yn Sumar en Appelskea, binne nei de oarloch monuminten oprjochte om dizze slachtoffers te betinken. De lanlike april-maaie-staking en de Fryske Molkstaking ha dus in belangryk effekt hân op de hâlding fan de boargers foar de Dútsers oer. It wie in belangryk histoarysk momint yn de oarloch. De monuminten foar de ferstoarne stakers binne belangryk om ús hieltyd wer neitinke te litten oer moed, oertsjûgingen en prinsipes.

### Skoalbern thús hâlde

De Gordykster ûnderwizer Jan Eisenga woe graach solidêr wêze mei de stakers en fette it plan op om de skoalbern thús te hâlden as blyk fan stipe. De Dútsers waarden dit plan gewaar en jûns let, op de tredde maaie, stiene der soldaten foar syn doar en waard Jan meinommen foar ferhoar, earst op De Gordyk, letter dy nacht en de oare dei yn Ljouwert. Op 4 maaie waard er ta de dea feroardiele en op 5 maaie wie de eksekúsje op it Kealdehykje by Ljouwert. Der is in tragyske foto bewarre bleaun fan de lêste meters en minuten fan Jan Eisenga

Jan en Tjitske Eisenga mei de lytse Ruerd foar hûs yn Hippolytushoef yn 1934. (Foto famylje-argyf Eisenga)



nei it eksekúsjeplak ta. Allike yndrukwekkend is syn deiboek. Op 3 maaie, jûns om alve oere, in healoere foar syn arrestaasje, skriuwt er noch: 'en sille moarn de âlden har bern thúshâlde fan skoalle?'

Trije wiken nei de dea fan har man nimt Tjitske Eisenga-de Groot de pinne yn de hân en skriuwt sy fierder yn it deiboek. It is it begjin fan in prachtich dokumint dat sy foar harsels, foar har bern en foar har man oprjochte hat. Ferriet, twivel en moed sprekt sy op de siden fan it deiboek út, somtiden rau en wanhopich, dan wer beskôgjend en reflektyf.

It deiboek is yn 2014 útjûn, Tjitske's dagboek/Tjitske's deiboek 1943-1946. In jier earder ferskynde it boek *Een vrije geest tot zwijgen gebracht. Jan Eisenga [11-3-1908 – 5-5-1943]*.

### Literêre skiednis

Tresoar hat inkelde dokumintaasjemappen oer Jan en Tjitske yn de kolleksje. Njonken it ferhaal fan de oarloch hawwe beide ek in moai plak yn de Fryske literêre skiednis. Under redaksje fan Jelle H. Brouwer waard yn 1948 al in karlêzing fan it wurk fan Jan útbrocht: *Jan Eisenga, strider*



De famylje Eisenga yn 1938, Reinder, Tjitske, Ruerd en Jan. (Foto famylje-argyf Eisenga)

en dichter. In bondel poezij en proaza. Tjitske fertsjinnet in plak yn de Fryske literatuerskiednis mei har oersettingen fan berneboeken yn it Frysk. It bekendst is har oersetting fan Afke's Tiental fan Nienke van Hichtum, *De tsien fan Martens Afke* út 1957.

Litte wy, tachtich jier nei dy tragyske dagen fan 1943, Tjitske en Jan betinke mei de earste rigels út it deiboek fan Tjitske: 'Myn leafste – hoe sil ik fierder gean yn dyn deiboek no'tstû net mear nêst en efter my stiest? (...) Op 'e drompel fan ús hûs ha wy ôfskie fan elkoar nommen. Dat wie it lêste. Ik ha dy net wer sjoen en sil dy nea wer sjen (...) Wat is it libben sûnder dy, myn skat? Ien stik pine, ien stik ûnwennigens'.

Op 14 april iepenet Museum Opsterlân op De Gordyk in útstalling oer de Molkstaking en oer Tjitske en Jan Eisenga. Te sjen oant en mei 30 juny.

# Van schenking tot online auteursportaal

Tresoar heeft vorig jaar materiaal verworven van de in Feanwâlden geboren schrijver Theun de Vries (1907-2005). Zijn literair oeuvre was enorm, hij schreef onder andere *Stiefmoeder aarde* en *Het meisje met het rode haar*. Alle bronnen over Theun de Vries worden verzameld in een zogenaamd auteursportaal, dat onlangs is gelanceerd. Het brengt uiteenlopend materiaal uit diverse bronnen van diverse instellingen samen: van manuscripten, brieven, foto's en audio-opnames tot persoonlijke voorwerpen van of over Theun de Vries.

Na de dood van Theun de Vries is zijn nalatenschap verdeeld onder verschillende erfgoedorganisaties, zoals het Literatuurmuseum, de KB, nationale bibliotheek en een aantal Friese erfgoedorganisaties, zoals Tresoar en het Theun de Vriesgenootschap. Dat is na het overlijden van



Tjarda de Haan en Meindert Reitsma selecteren en ordenen het materiaal. (Tresoar, foto Hays Bijlstra)

de schrijver in zijn geboorteplaats opgericht. De Schierstins in Feanwâlden heeft een Dr. Theun de Vrieskamer met een grote wandvitrine waarin allerlei bijzondere voorwerpen, documenten en handschriften uit zijn nalatenschap zijn te zien. De secretaris van het genootschap, schrijver en verteller Douwe Kootstra, nam in 2021 contact op met Tresoar met de vraag of we de taken op ons konden nemen om de nalatenschap duurzaam te ontsluiten en te bewaren. Het antwoord was: natuurlijk, graag! en de overdracht van bijzondere stukken uit de nalatenschap volgde. Na het opstellen van een schenkingsovereenkomst en het 'in quarantaine' plaatsen van het materiaal om ervoor te zorgen dat eventueel ongedierte geen schade kan aanrichten, kon het uitpakken beginnen.



Archiefwaaiermap met correspondentie en schriftjes, waaronder één met aantekeningen over de roman *De Blauwe paarden*. (Tresoar, foto Hays Bijlstra)

Het paspoort van Theunis Uilke de Vries. (Tresoar, foto Hays Bijlstra)





In de Dr. Theun de Vrieskamer in De Schierstins in Feanwâlden met Lysbert Bonnema en Meindert Reitsma van Tresoar en Douwe Kootstra van het Theun de Vriesgenootschap. (Foto Tjarda de Haan)

## Schatgraven

We troffen vele schatten aan in de dozen, variërend van handschriften, correspondentie, plakboeken, schetsboeken, oorkondes, realia, beeldmateriaal tot audiovisueel materiaal. En we ontwaarden een archief in het archief, een bijzondere ‘waaier’-archieffmap van Theun de Vries zelf. Deze map bevat correspondentie en schriften, waaronder aantekeningen over de roman *De Blauwe paarden*. Die titel staat in geen enkele bibliotheekcatalogus. Is de roman onder een andere titel verschenen? Of niet gepubliceerd? En waarom niet? Andere unieke vondsten zijn een bril en het gebruikte paspoort. Na selectie en ordening hadden we een inventarisatielijst met daarop 84 objecten. Deze zijn allemaal gescand en toegankelijk gemaakt. Met behulp van kenners hopen we meer informatie over bijvoorbeeld de foto’s te krijgen. Belangrijk hierin is het verbinden van namen van tijdgenoten, schrijvers, journalisten en familie aan deze beschrijvingen zodat deze straks via het auteursportaal aan elkaar te verbinden zijn. ■

door Luc de Vries en Reem Weda

# Verbonden erfgoed

Het auteursportaal is de plek online waar de informatiebronnen uit verschillende literaire archieven, waaronder het Literatuurmuseum en Tresoar, worden gepresenteerd. Zo hoef je niet meer op allerlei plaatsen te zoeken naar informatie over een schrijver, maar is er één centrale plek waar alles te vinden is. Deze samenwerking tussen de archieven heet ‘Verbonden erfgoed van bibliotheken’. Tresoar heeft het archief van Theun de Vries beschikbaar gemaakt voor het auteursportaal. Tot zover bestaat het uit ruim 400 beschreven stukken. Voor het verbinden van de beschrijvingen aan gedigitaliseerde scans wordt het systeem Omeka-S gebruikt. Dit nieuwe platform is zeer ge-

schikt voor publicatie van diverse collecties en het verbinden hiervan met het Linked data platform van het auteursportaal. Enkele collega’s hebben de afgelopen maanden hard gewerkt en in een speciaal daarvoor gemaakt formulier ingevoerd in Omeka-S. Ondertussen werden de stukken uit het archief gescand. De scans worden via onze eigen Tresoar afbeeldingenserver gekoppeld aan de database. Naast deze nalatenschap is ook een selectie uit de fotocollectie gemaakt. De beschikbare informatie en de scans zijn van het oude systeem overgezet naar Omeka-S, omdat hier de functionaliteit voor Linked data aanwezig is en we daarin de hoge kwaliteit afbeeldingen

kunnen delen met anderen. Een interessante collectie zijn de transcripten van de radio-uitzendingen van Literair Kwartier (1951-1973). Wellicht kunnen we hier meer mee, want er zijn veel meer transcripten over andere onderwerpen beschikbaar. Via het Fries Film & Audio Archief komen de complete audio-opnamen van Operaesje Fers voor het auteursportaal beschikbaar. De ‘items’ (of records) in Omeka-S maken gebruik van termen uit het Termennetwerk. Het gebruik van deze Linked data termen (met linkjes) in de metadata maakt de informatie veel rijker en bruikbaar voor het publiek. ■



# Wer in puzelstikje fûn: eardere besitter fan R 10 bekend

It is it muorblomke fan dy ymposante Richthofen-kolleksje: hânskrift R 10 of, neffens de titelside, *Dat olde Landt-rechtt der freijen Freesen*. De jongste, de tinste, net yn it Aldfrysk, gjin kleurrike haadletters, in frij lestich te ûntsiferjen hân. It hat ek in oare, suver wat minder 'boekerich' lykjende bân as de oare njoggen – eins hat it wat wei fan in grut formaat lûkse notysjeskrift. It falt wat út de toan by de rest.


Dy yndruk lykje de erven fan Petrus Wierdsma (1729-1811) en Karl von Richthofen (1811-1888) ek hân te hawwen, want it hat derfan dat dit tinne folio-hânskrift in pear kear poater wie. It waard net oanbean yn de Wierdsma-feiling fan 1813, en ek yn it Silezyske slot fan de Richthofens wie it nei Karl syn dea kenlik in skoftke wei. In Dútske ûndersiker – Conrad Borchling, begjin foarige iuw hinne dé kenner fan it Middelleeche dútsk – hifke dernei yn 1904, mar it wie doe net te finen. Aldergeloks wie it wer op syn plak doe't de kolleksje yn 1922 weromkaam nei Fryslân.

Mar ek sûnt 1922 hat der net in soad each foar dit hânskrift west. Skande, want R 10 is werklik in topstik. It is it iennige hânskrift yn de Richthofenkolleksje yn it Nedersaksyske dialekt fan Ostfriesland – wier wol oars as it dialekt fan de Ommelannen, sa't we dat yn de Richthofenhânskriften R 7, 8 en 9 oantrefte. Boppedat beskriuwt R 10 it Emsinger rjocht, dêr't we net in soad boarnen fan ha – wat ek krekt de reden wie wêrom't Borchling der yn 1904 nei socht.

Wat ek net helpt foar mear omtinken: we witte hast neat fan wa't it earder yn besit hân hat, en 'onbekend maakt onbemind'. Eins witte we allinne mar dat Wierdsma it op in gegeven stuit kocht ha moat – syn oantekenings stean deryn – en fansels Richthofen, dy't de hiele kolleksje yn 1858 oankocht. Mar fan âldere besitters ha we gjin inkelde oanwizing. Nuver eins, om't it hânskrift echt al goed twa iuwen âld wie (ca. 1600) doe't it yn Wierdsma syn besit kaam, en tsjin dy tiid dus al aardich wat besitters hân ha moat.

## Puzelstikjes

Mar wat in gelok: op ús alderlêste ûndersyksdei yn it ramt fan de Richthofenkolleksje foel ús each op in aparticheid yn it hânskrift. Op de titelside stiet boppeyn de hoeke in lytse 'r'. Dat is frijemd, want ek it oare blêd hat in 1, en dy dêrnei in 2, ensfh. Koe dizze 1 dan wat oars betsjutte? We realisearren ús dat in tekst mei deselde titel as ús hânskrift neamd waard yn in feilingkatalogus fan 1783. Dêryn wie de boekerij fan de Grinzer jurist Hemmo



Titelside fan R 10 'Dat olde Landt-rechtt der freijen Freesen'. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)



Guon Wierdsma-bannen opinoar, mei R 10 as fjirde fan boppen. (Foto Anne Popkema)


Arnoldus Werumeus (1737-1782) opnaam. Yn it part mei ‘Codices manuscripti’, ôfdieling folio, stiet op side B, kavel ‘O’ in sammelbân beskreaun. Dy iepenet mei: Dat olde Landt-Recht der freyenn Freesen (...), folge troch Dat Gelrisch Verdrach, de Policey ordnungh des Gravinnen Annae van Oldenborch, en Demonstratio, quod non sit Fabula vetus, en dêrnei noch ‘veele andere oude stucken’. No hienen we dat wolris sjoen, mar der wie gjin bewiis dat mei dy earste titel ús R 10 bedoeld wêze koe. It koe ommers maklik in oar eksimplaar fan deselde tekst wêze. Mar no, mei dy 1 op de titelside derby, beseften we dat it net in sidenûmer wie, mar tsjutte kinne soe op it – earste – plak fan dit hânskriift yn in eardere sammelbân. De puzelstikjes foelen yninoar.

### Oanknopingspunten

We hoege der no net mear oan te twiveljen dat Werumeus R 10 oant syn dea yn besit hân hat, as it earste part fan in sammelbân. Oft Wierdsma it sels op dy feiling yn 1783 kocht hat? It kin, want Wierdsma hat ek hânskriift R 3 by dy gelegenheid kocht. Mar dochs tinke we fan net, want de oare stikken fan dy sammelbân stean

net yn Wierdsma syn katalogus fan 1813, en dy soe er wier wol nijsgjirrich fûn en bewarre ha. Boppedat hat Wierdsma syn namme der net yn set, wat er by R 3 wol dien hat.

De nûmers op de earste siden fan R 10. (Foto Anne Popkema)



De sammelbân yn de katalogus fan Werumeus út 1783 (Tresoar, C 6126). (Tresoar, foto Haye Bijlstra)

Wierskynliker is in yndirekte rûte, fia in tuskenbesitter – krekt as hânskriift R 7, dy’t ek op dy Werumeus-feiling oanbean waard, mar earst troch in oar (A.J. de Sitter) kocht wie ear’t it úteinlik by Wierdsma bedarre. Sa’n yndirekte rûte is foar R 10 ek wierskynlik, en dan is dy tuskenbesitter grif dejinge dy’t de stikken út de sammelbân helle hat en los bewarre of fierder ferkocht. Yn alle gefallen is de bân dy’t no om R 10 hinne sit yn opdracht fan Wierdsma oanbrocht: mei de reade learen rêch en hoeken, en it read-swart moarmere papier op de platten liket it nammentlik presys op guon oare oantekenboeken út de boekerij fan Wierdsma (bygelyks Tresoar, Hss 1267-1275). En miskien is dy gelikense bân ek wol krékt de reden dat it in pear kear net as wichtich âld hânskriift werkend waard.

Hawar, mei dizze nije besitter fan R 10 ha we ek wer nije oanknopingspunten om de skiednis fan dit moaie muorblomke binnen de Richthofen-kolleksje better yn kaart te bringen. Der falt noch genôch te ûntdekkjen. ■

### Pastei

Yn 2020-2022 hat ûndersyksgroep Pastei him, yn opdracht fan Tresoar, op de Richthofenkolleksje rjochte. Pastei bestiet út argivaris/âldgermanist Riemer Janssen, âldfrisisist Anne Tjerk Popkema en boekrestaurator Herre de Vries. Mear ynformaasje is te finen op [www.richthofen.nl](http://www.richthofen.nl) en op [www.pastei.fil](http://www.pastei.fil), dêr’t ek eardere stikken fan Pastei oer it Richthofen-ûndersyk te lêzen binne.



# It sykjen nei in eigen stim

Tryntsje van der Steege is har libben lang al dwaande mei taal en boeken. Se lêst in soad, skriuwt en redigearret teksten, makket oersettingen en resinsjes. Mar sels oarspronklik wurk skriuwe? Dêr tocht se net oan, oant se nei de Skriuwersfakskoalle gie.

‘Ik wie mear in lêzer as in skriuwer’, fertelt Tryntsje van der Steege. ‘Wol hie ik altyd plezier oan skriuwen, mar ik ûntwikkele my mear ta oersetter, redakteur en resinsint. Mei in kritysk each gie ik mei teksten fan oaren oan de slach.’ Se studearre Ingelsk en wurke earder by in útjouwerij. No wurket se by Ljouwert City of Literature en hat se in eigen tekstburo. ‘Ik miende dat ik net kreatyf genôch wie om sels te skriuwen. Dat ik dy fantasy net hie om in ferhaal te betinken.’ Dat feroare nei’t se mei in burn-out út it wurk rekke. ‘It woe net mear, myn holle koe it allegear net mear betinke. Doe’t it wer wat better gie, wie de kreativiteit it earste dat weromkaam. Ideeën, en de rêst en de romte om dy ideeën groeie te litten. Dat wie net iens fuort mei in ferhaal, ik woe wat yn de tún hawwe, mar wist net goed wat. It wie fijn om út it neat wei wat nijs te betinken. Ik woe dy kreativiteit fierder ûntploaie. Ik hie altyd al in dream om sels in boek te meitsjen, wat en wêroer, wit ik noch net. Us mem fertelde trouwens lêsten dat ik as bern al ferhaaltsjes oan it meitsjen wie, dat wist ik net mear.’ Yn dy perioade waard se frege om in Fryske oersetting te meitsjen fan it Ingelske boek *Enola Holmes*:

*De saak fan de fermiste markys.* ‘Dat waard myn persoanlike reynte-graasjeprojekt. Ik koe it moai yn myn eigen tempo dwaan. It wie

hearlik om te boartsjen mei taal en te sykjen nei de goeie wurden. It ferhaal wie der al, mar ik koe myn eigen wurden deroan jaan.’ It sette wat yn gong. ‘Ik begûn te tinken: hoe soe it wêze as ik dit sels betink? En soe ik mei de achtergrûn fan alles wat ik sels lêzen en bewurke ha, dochs net sels wat meitsje kinne dat de muoite wurdich is? Troch



Tryntsje van der Steege. (Foto Natalia Balanina)



dy ûnderfiningen ha ik wol in bepaald idee by literatuer. Soe ik mei dy kennis sels skriuwe kinne?’

### Oars sjen

Se melde har oan by de Skriuwersfakskoalle, in fjouwerjierrige oplieding. Yn it earste jier krijst skriuwtechniken. ‘Dêrby learst benammen om mei oare eagen nei details yn it deistige libben te sjen. Wat sjochst om dy hinne, wêr hellest ynspiraasje wei, wat kinst brûke, wat rekket dy, wat fregest dy ôf?’ Studinten wurkje oan koarte ferhalen en leare oer de opbou fan in stik, hoe’t dialogen en fertelperspektyf wurkje. ‘In opdracht is bygelyks frij skriuwe: set de wekker op tsien minuten, begjin mei skriuwen en hâld pas op as de wekker giet. De earste kear tocht ik ‘wêr bin ik yn

### Frysk

By de Skriuwersfakskoalle wurde ferhalen yn it Frysk skreaun. Dat kin foar guon dielnimmers in drimpel wêze, om’t se de taal net genôch yn de macht hawwe. Dat is lykwols net nedich. ‘It giet yn de lessen net oer it Frysk datst brûkst, mar hoe’tst dyn ferhaal fertelle wolst. It giet net om de taal, mar om it ferhaal. Ik wol ûntdekke oft ik ferhalen meitsje kin en fyn it nijsgjirrich om te sjen oft ik it Frysk op sa’n manier behearskje, dat it past by dat wat ik fertelle wol. It is leuk om mei it Frysk nuânses te sykjen, hoe’t ik it sa boetsarje kin dat it sa presys mooglik útdrukt wat ik sizze wol. Sa hie ik net earder mei it Frysk dwaande west.’

fredesnamme mei dwaande’, by de tredde kear hie ik nei dy tsien minuten in pear goeie ideeën.’ In oare oefening is om alle dagen in ferwûnderingsmomint op te skriuwen. ‘Wat falt dy op en besykje dat sa goed mooglik te beskriuwen om sa de ferwûndering oer te bringen. Hoechst it net sels te betinken, it giet derom watst dermei dochst.’

Om’t de lessen yn in groep binne, kinst fan elkoar leare. ‘We lêze en besprekke elkoars teksten, jouwe op in goeie manier beârgumintearre feedback. En dy lêzersblik, wat rekket my yn in tekst en wêrom, helpt ek wer by it skriuwen. Sa fynst dyn eigen styl en toan. Der is romte en frijheid om dat út te sykjen en te ûntdekken. It finen fan de eigen stim, dêr

Arjan Hut jout op Tresoar les oan in klasse fan de Skriuwersfakskoalle. (Foto Gerda van der Wijk)



draaie de lessen om. Alles is oait alris earder sein en beskreaun. It giet derom hoe'tsto it sizze kinst. En troch de groep hast fuort meilêzers, sadatst sjen kinst oft it wurket.'

### Ferhalewedstriid

Se sit yn it twadde jier; it blok proazalessen is ôfsletten. Se skreau dêrfoar it ferhaal 'De ynset dêr't se de ferhalewedstriid fan Boeken fan Fryslân mei as tema 'Ut 'e bocht' mei wûn. 'It ferhaal hat in surrealistyske sfear. Ik fyn it leuk om dat op te roppen en te sjen hoe fier't ik dêryn gean kin.' Se mocht it foarlêze op in drokbesochte literêre jûn. 'Foar it earst mei eigen wurk optrede wie spannend, mar ik bin ek grutsk op myn ferhaal en woe it graach hearre litte.' It ferskynt meikoarten yn literêr tydskrift *Ensaft*. Se is no dwaande mei in oar ferhaal. 'Dat leit tichter by

mysels. It earste ferhaal is net werom te lieden op wat dat ik sels meimakke ha. It is minder persoanlik, mear fantasy. Dit nije ferhaal is basearre op oantinkens op in gegeven út myn bernetiid. Dat is oars, want dat giet mear oer mysels, wêrtroch't it spannender is dat oaren der wat fan fine kinne. Dêrom is it sa fijn om it yn de les mei de oaren te bepraten. It is in feilige omjouwing om te sjen hoe't it foar my fielt en oft ik der mei nei bûten wol.' Ynspiraasje hellet se ûnder oare út it wurk fan oaren. 'Wat en wêroer't oare skriuwers skriuwe en hoe't se dat skriuwe, dêr helje ik út wat ik moai fyn en wat my rekket, en al dy yndrukken hâld ik yn myn achterholle as ik mei myn eigen ynteresses, ideeën en ferhalen oan de gong gean. Dat foarmet it útgongspunt en de ynspiraasje foar wat ik sels skriuwe wol, om ta in eigen stim te kommen. En sa

jout it skriuwen ek wer in ekstra diminsje oan it lêzen, omdat ik mei in skriuwersblik hiele oare dingen yn boeken ûntdek as mei lêzerseagen.'

### Skriuwer

Kinst it leare om te skriuwen? 'Ik tink datst it wol in bytsje ha moatst en dan kinst it better leare.' Om harsels in skriuwer te neamen, doart se noch net rjocht. 'Dat mei tink ik pas as ik de oplieding ôfmakke ha. Eins wie ik al in skriuwer, mar op in oare manier. It skriuwen is in logysk ferfolch fan alles wat ik earder dien ha. Foar myn wurk bin ik dwaande om in sa goed mooglik literêr klimaat yn Fryslân te organisearjen en dêrneist kin ik der as skriuwer sels oan bydrage. It is in moaie kombinaasje om dwaande te wêzen mei lêze en literatuer.' ■

troch Meindert Reitsma

## Skriuwersfakskoalle

By Tresoar giet it net allinnich om de skriuwers út it ferline, mar ek om dy fan de takomst.

Fryslân is ryk oan skriuwkoursussen, om sadwaande it skriuwen op in heger plan te bringen. Lykwols ûntbruts in strukturele skriuwoplieding. Dêrom binne Tresoar, Ljouwert City of Literature en de Schrijversvakschool Groningen yn 2021 úteinset mei de Skriuwersfakskoalle. Yn Grins en yn oare stêden bestiet al langer in Schrijversvakschool.

Dy ûnderfining is brûkt om in Frysktalige skoalle op te setten. De skoalle is foar begjinnende en betûftere skriuwers en biedt lessen oan op

ferskate nivo's. Yn it earste jier krijst les oer algemiene skriuwtekniken en yn lettere jierren

ferdjippst dy yn sjenres lykas proaza en essay. De lessen wurde fersoarge troch dosinten dy't sels ek skriuwer binne, bygelyks Jetske Bilker en Doeke Sijens. De lessen wurde jûn yn Tresoar. Utgongspunt is datst as studinten fan inoar learst en datst dyn wurk úteinlik ek op in poadium bringst. De ambysje is dat der op termyn ien Skriuwersfakskoalle yn Fryslân komt,

mei dêrûnder ek Nederlânsk- en oarstalige lessen beflapt. Sjoch foar mear ynformaasje op [www.svsgroningen.nl/skriuwersfakskoalle](http://www.svsgroningen.nl/skriuwersfakskoalle). ■





# Kom del yn Kafee De Gouden Leeuw



Noch dit  
hiele jier  
iepen!

Yn Kafee De Gouden Leeuw by Tresoar kinst studearje, wurkje en ûndersyk dwaan. Ofjou dy noflik del tusken de Fryske boeken. Kom del om nei de dichterstelefoan fan Operaasje Fers te harkjen, yn in Frysk boek te lêzen of gewoan te genietsjen fan de smûke sfear. Oant ein dit jier is it kafee it dekkor fan tal fan literêre aktiviteiten lykas boekpresintaasjes en ferskate kursussen.



De presintaasje fan de blomlêzing fan Tsead Bruinja (rjochts oan de grutte tafel) wie yn it kafee. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)



# ‘Wat we doen, is voor de toekomst’

Geboren in Zuid-Afrika, maar al bijna dertig jaar wonend in Leeuwarden voelt Brigette Lee zich een echte Friezin. ‘Met Friese roots’, zegt ze trots. Ze voelt zich helemaal op haar plek bij Tresoar, al haar interesses komen er samen: bibliotheek, archief en cultureel erfgoed.

‘Eigenlijk was het een droom die uitkwam, toen ik een jaar geleden bij Tresoar kwam werken’, vertelt de teamleider duurzaam toegankelijke collecties. Over die functie later meer. Eerst de familiegeschiedenis. In 1994 kwam Brigette Lee als 13-jarige met haar ouders en het gezin vanuit Johannesburg (Zuid-Afrika) naar Leeuwarden.

Omdat pake en beppe (van moederskant), uit Leeuwarden kwamen, koos het gezin om zich daar te vestigen. ‘Dat was een hele overgang, ik wilde helemaal niet verhuizen. In Zuid-Afrika was ik net begonnen met de middelbare school en ik had er mijn vrienden. Hier moesten we eerst de Nederlandse taal leren.’ Binnen een jaar kende ze de taal goed genoeg om naar de middelbare school te mogen.

Pake en beppe waren na de Tweede Wereldoorlog naar Zimbabwe vertrokken en verhuisden op latere leeftijd weer naar Friesland. De voertaal in de familie was Engels. ‘Ze praatten alleen onderling Fries, als ze iets wilden bespreken wat de anderen niet mochten verstaan. Engels is mijn moedertaal, maar ik ben dol op de Friese

Brigette Lee. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)



taal. Het is uitzonderlijk dat we hier een andere taal spreken.'

De liefde voor taal, cultuur en geschiedenis kreeg ze van thuis mee. Als kind hield ze al van lezen. Het gezin bezocht vaak musea. En geschiedenis noemt ze een 'familiekwaal'. Haar zusje deed aan stamboomonderzoek en zo hoorde ze voor het eerst van Tresoar.

## Librarianship

Het kostte nog wat jaren en omwegen tot ze zelf bij Tresoar kwam. Na een niet afgemaakte mbo-opleiding en verschillende functies bij banken en verzekeringen, besloot ze te gaan studeren.

Na een toelatingstoets haalde ze haar propedeuse op het hbo en stroomde daarna door naar de universiteit in Groningen. Het werd de studie Engelse taal en letterkunde. 'Gewoon omdat het me leuk leek om te doen, niet nadenkend over een baan later.' Er ging een wereld voor haar open. Omdat ze altijd al interesse had in geschiedenis, volgde ze vakken als Anglosaksisch en Oudgermaans. 'Eigenlijk was dat al het pad naar Tresoar toe, zonder dat ik het wist.' Toen ze haar master moest kiezen, wist een studiegenoot nog dat ze het vaak over bibliotheken had. Een bibliothecaire studie op universitair niveau bestond echter niet in Nederland, wel in Sheffield. Dus verhuisde ze naar Engeland. 'Bij 'Librarianship' leer je hoe een bieb werkt, wat erbij komt kijken en over de plek van de bieb in een samenleving.' Na de tweejarige opleiding was ze van plan in Engeland te blijven, maar ze was inmiddels zo vernederlandst dat ze zich er niet thuis voelde. Ze kon bij hogeschool NHL Stenden aan de slag als informatiespecialist. En toen kwam er bij Tresoar een plek vrij. 'Ik wilde hier graag werken, omdat ik dan niet hoefde te kiezen tussen archief, bibliotheek of museum.'

## Vizier op Tresoar

Eigenlijk had ze haar vizier zo'n tien jaar eerder op Tresoar gericht, toen ze er een jaar stage liep. 'Voordat ik met de master kon beginnen, moest ik een stagejaar hebben gedaan in een bibliotheek, archief of museum. Ik keek eerst in Groningen omdat ik daar studeerde, maar omdat ik in Leeuwarden woonde, was het handiger om iets dichterbij huis te zoeken.' Ze stuurde een mailtje naar Tresoar. 'Ik had er eerlijk gezegd nog nooit van gehoord, ik weet niet eens meer of ik wist waar het was. Nu kan ik me bijna niet meer voorstellen dat er een punt in mijn leven

is geweest waarin ik Tresoar niet heb gekend.' Na een positief gesprek met, toen stagebegeleider en nu collega-teamleider, Aly de Boer begon dat jaar waarin ze de collectie leerde kennen. 'Ik dwaalde rond in de depots, heb veel in dozen gekeken en allerlei laden opengetrokken om te kijken wat er wordt bewaard. Wat hier allemaal is, ik kreeg gewoon kippenvel.' Vooral de oorkonden maakten grote indruk. 'Zo netjes en perfect bewaard. Zo bijzonder. Ik vond het geweldig dat ik er mocht rondlopen.'

## Collectie

In de huidige functie is ze op twee manieren bij de collectie betrokken. Met het team zorgt ze dat de collectie duurzaam toegankelijk blijft. 'Met duurzaam bedoelen we dat het na digitalisering altijd beschikbaar blijft, ook als bestandsformaten veranderen. Wij moeten ervoor zorgen dat alles bewaard blijft, zodat toekomstige generaties het kunnen raadplegen en gebruiken. Wat we doen, is voor de toekomst. Als collecties digitaal toegankelijk zijn, dan heb je de hele wereld als gebruiker.'

De andere manier richt zich meer op de inhoudelijke kant, want waar zet je op in? 'Dat is lastig kiezen. Het is zo divers, en ook relevant. We kijken nu naar inclusief en diversiteit, omdat dat thema's zijn die in de samenleving spelen. Het archief moet een weerspiegeling van onze maatschappij zijn. We hebben tal van kerkelijke archieven ontsloten, maar dan lijkt het alsof we alleen met oude geschiedenis bezig zijn. Terwijl we ook moderne geschiedenis in huis hebben, zoals de archieven van de plattelandsvrouwen, waarin je de sociale ontwikkeling in Friesland kunt zien.' Daarnaast is over de collectie vertellen en naar buiten treden heel belangrijk. 'Mensen komen niet meer fysiek langs. Ze kijken eerst op internet wat er is, dus daar moet je al zijn. Tegelijkertijd willen we ook bezoekers binnenhalen en dat ze de collectie gebruiken. Dus moeten we netwerken opbouwen, activeren en inzetten, zoals bijvoorbeeld bij internationale onderzoekers van Wetsus of (internationale) studenten op NHL Stenden. Zij moeten weten dat Tresoar er is en dat ze hier terecht kunnen voor onderzoek.' Met al deze verschillende aspecten ziet Brigitte Lee zichzelf als een verbinder. 'Ik ben een soort lijm, zei een studiegenoot ooit. Ik hou de boel bij elkaar, leg contacten en zoek samenwerkingen. Ik kijk constant naar manieren hoe we ervoor kunnen zorgen dat mensen met onze collecties gaan werken.'

# Unbekend wurk fan

By it opromjen fan it neilitten wurk fan har heit kaam dochter Wytse van der Velde in hiel soad nijsgjirrich materiaal tsjin. By dat opromjen waard Tresoar as bewarplak fan Frysk-letterkundige skatten behelle en tal fan stikken binne ûnderwilens al nei Tresoar oerbrocht.

Nijsgjirrich binne bygelyks de dokuminten dy't de skriuwer út it Wyt-Russyske Minsk wei meinnommen hat en dy't grif in rike boarne foarmje foar ûndersikers nei it ûntstean fan *De histoarje fan kammeraat Hollanski* (1987). Ut de Oekraïne wei binne Rink van der Velde ûnderskate publikaasjes tastjoerd mei besprekken en oersettingen fan syn wurk troch Yuri O. Zhluktenko dy't ek tusken de neilitten dokuminten sitte. It measte komt lykwols tichter by hûs wei, lykas de 'Rijksveldwachtmédaille' fan Rink syn heit mei it monogram W fan Wilhelmina en it opskrift: 'Voor trouwen dienst'. Guon fan de boeken dêr't er as

'Rijksveldwachtmédaille' fan de heit fan Rink van der Velde. (Tresoar, foto Hays Bijlstra)



jonkje mei opgroeide en dêr't er letter yn syn boeken noch wolris nei ferwiisde, sitte dertusken, lykas *Van Ur naar Egypte* fan F.B. Meyer (1930) en *Heilige herinneringen* skreaun troch R.E. van Arkel (1930).

## Fiskje, jeie en streupe

Yn Van der Velde syn boeken fernimt de lêzer hieltyd wer de passy dy't de skriuwer dreau om te fertellen oer fiskjen, jeien en streupen. De kombinaasje fan syn hertstocht om te fiskjen en om dêroer te skriuwen komt oan it ljocht yn in hiel ier inisjatyf út 1957 om mei in omke foar de 'Friese Federatie van Hengelsportverenigingen' in blêd op te setten oer angelfiskjen.

Syn niget oan minsken yn it fjild late der letter ek ta dat er him joech ûnder molle- en murdefanagers. Fan dy lêsten hat Van der Velde in foech argyfke neilitten, nammentlik de papieren fan de Nederlandse Vereniging van Bunzingjagers, in feriening dy't yn it begjin fan de jierren tachtich oprjochte waard en oan de ein fan dyselde jierren sa stadichoan deablette. Sels it stimpel fan dy



Stimpel fan de Nederlandse Vereniging van Bunzingjagers. (Tresoar, foto Hays Bijlstra)


feriening hat er foar de neiteam bewarre.

Fiskje, jeie en streupe binne ek de wichtige tema's yn it feuilleton 'Goud in troebel water' dat foar it earst yn de *Drachtster Courant* fan 2 oktober 1956 stie. Dat ferfolchferhaal waard publisearre ûnder de namme Ruurd Elzinga, dy't grif as in skûlnamme sjoen wurde moat. Yn *Mozayk fan in libben: Rink van der Velde, 1932-2001* (2003) seit Freark Dam, dy't as haadredakteur fan de *Drachtster Courant* Van der Velde as sjoernalist by syn krante helle hie, dat Rink letter faak fertelde dat sy de ôfleveringen fan dy ferfolchferhalen om bar skreaunen. Neffens Dam wie dat lykwols mar by twa of trije feuilletons sa. De fraach is fansels oft it by dit earste feuilleton sa wie. Ofgeande op de lokaasjes yn it ferhaal (it Alddijp en Beetstersweach) en de tematyk



# Rink van der Velde

(it ûntfytmanjen fan in troch in Joad yn de oarloch yn it Alddijp ferburgen skat troch in fisker) soe it my net fernuverje dat Van der Velde dit ferhaal allinne skreaun hat. Ek it beskriuwen fan hoe't betûfte streupers en amateurs op dat mêd te wurk geane, wiist yn syn rjochting. It feuilleton sit kreas útknipt út 'e krante tusken de neilitten papieren en ek dêrom kin men fan tinken wol ha dat dit mei sin bewarre is. As Van der Velde dit ferfolchferhaal allinne skreau, en dus net mei Dam, kin it sjoen wurde as syn earst publisearre fiktive ferhaal. It begjin fan wat, alteast nei Fryske ferhâldingen, in gouden skriuwerskarriêre wurde soe.




Feuilleton 'Goud in troebel water' yn de *Drachtster Courant*. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)

## Deiboeken

Wyske waard ek gewaar dat har heit yndertiid deiboeken byhâlde. In hiele fynst, want oant dan ta wie fan dy deiboeken neat bekend,

ek by har net. Begryplikerwize wol se, sa't se yn novimber yn de *Leeuwarder Courant* sei, dy deiboeken earst sels trochlêze foar't se,

yn oerlis mei har neisten, in beslút nimt oer wat se dêr wol of net mei dwaan wol. ■




## Bêst ferkochte skriuwer

Rink van der Velde (1932-2001) hat mei syn wurk altyd gâns minsken oansprutsen en kin sjoen wurde as ien fan skriuwers waans wurk it bêste ferkocht is. Neffens Wikipedy binne fan syn boeken mear as 200.000 eksimplaren ferkocht. Syn útjouwer (De Friese Pers) liet de wurdearring dêrfoar ûnder oare sprekke út it oan de auteur presintjaan fan in yn lear ynbûn eksimplaar fan *Foroaring fan lucht*, better bekend as 'Durk Snoad', doe't de foar Fryske begripen spektakulêre oplaach fan 25.000 foar dat boek helle waard.

In yn lear ynbûn eksimplaar fan *Foroaring fan lucht* doe't dat boek in oplaach fan 25.000 helle. (Tresoar, foto Haye Bijlstra)

# Bondelpresintaasje Eeltsje Hettinga

Gysbert Japicxpriiswinner Eeltsje Hettinga hat foar de útjefte *Te Pearde* in seleksje makke fan syn gedichten út tweintich jier dichterskip. De bondel is twatalich, alle gedichten binne oerset nei it Nederlânsk troch Elske Schotanus, dy't ek it ynliedend essay skreau en it omslach makke. Deputearre Sietske Poepjes nimt it earste eksimplaar yn ûntfangst. De útjefte is in gearwurking tusken útjouwerij DeRyp en *de Moanne* en ferskynt as it twadde nûmer fan *de Moanne*.



Portret fan Eeltsje Hettinga dat Elske Schotanus fan him makke as winner fan de Gysbert Japicxpriis.

Wat: bondelpresintaasje  
Wêr: Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar  
Wannear: 19 april, 16.00 oere

Waarom niet  
zingt vandaag niet  
de kwieke kolibrie?

zoemend zoekend om het zoet  
kwikzilver trillend vliegend  
allegro,  
de kwieke kolibrie  
snifsnafsniffelsnavelend  
o, rank  
slank  
frank moza'tlieffe

tierend in tierlantijntjes  
voor- en achteruit  
blommeldebommel  
van bloem tot bloem

maar waarom niet  
zingt vandaag niet à kolibrie-  
de-kolibrie  
de kwieke kolibrie?

wêrom net  
sjongt hjoed net  
de lytse kolibry?

alles oan har like kwyk  
kwiksilver triljend linich  
allegro,  
de lytse kolibry  
snifsnafsniffelfoarkjend  
o, himpen  
trinten  
tin moza'tfamke

gysten yn 't spinetsjen  
foar- en efterút  
blommeldebommel  
fan blêd ta bêd

mar wêrom net  
sjongt hjoed net à kolibry-  
de-kolibry  
de lytse kolibry?

Algemien-kultureel opinyblêd *de Moanne* biedt in breed en kreatyf poadium foar aktuele en skôgjende bydragen oer kultuer en de keunsten. It lit sjen wat der yn en om Fryslân spilet, yn taal, byld en nije media. Sjoch foar mear ynformaasje op [www.demoanne.nl](http://www.demoanne.nl).



# Twée Fellows

Maar liefst twee Fellow-onderzoekers gaan dit jaar aan de slag: Felix Bosch en Laura Bruno. Wat gaan ze doen?

Het onderzoek van Felix Bosch heet ‘Ombudsman van de Friese Zuidoosthoek. De lokale vertegenwoordiging van Geert van der Zwaag (1858-1923)’. Hij richtte in 1888 weekblad *De Klok* op met de bedoeling de Friese Zuidoosthoek te bereiken. Waar bestaande bladen veel arbeiders boven de pet gingen, moest *De Klok* politiek op begrijpelijke wijze verkondigen. Van der Zwaag was een gewild spreker bij kleine bijeenkomsten en grote volksmeetings uit de bloeitijd van de Friese Volkspartij, die soms duizenden gelijkgestemden samenbrachten. Hij was populair door zijn kennis van lokale omstandigheden, zijn typisch Friese humor en doordat hij niet in revolutionaire retoriek verzandde, maar dicht bij de belevingswereld van zijn publiek bleef.

De resultaten van het Fellow-onderzoek dragen bij aan het promotieonderzoek van Bosch aan de Universiteit Leiden. In *The Politics of Proximity* onderzoekt hij de Nederlandse traditie van lokale politieke vertegenwoordiging tussen 1888 en 1918 aan de hand van verschillende casussen. Bosch heeft Lourens Oldersma als begeleider bij Tresoar.

## Richthofen-Fellow

Laura Bruno is aangesteld als Richthofen-Fellow. Ze gaat met een maatschappelijke invalshoek een aanvulling leveren op de al lopende taalkundige onderzoeken naar de Richthofenkolleksje die eind vorig jaar werd opgenomen in het Nederlandse Unesco Memory of the World register. Met een cultuurhistorische blik onderzoekt ze het daadwerkelijke gebruik van de Ommelander handschriften uit de Richthofenkolleksje. Bruno is als historisch taalkundige verbonden aan de Universiteit Gent. Anne Popkema en Oebele Vries begeleiden het onderzoek. ■



Felix Bosch. (Eigen foto)



Laura Bruno. (Eigen foto)



# Nijs fan de Stifting Freonen fan Tresoar

## Foarynskriuwing

Freonen fan Tresoar krije tenei de mooglikheid om har foar bysûndere aktiviteiten fan Tresoar by foarynskriuwing oan te melden. Jo kinne dêrby tinke oan aktiviteiten lykas it Richthofen-sympoasium fan ôfrûne novimber. As Freon krije jo útnûgingen foar sokke aktiviteiten in wike earder as oare nûgen.

## Lêzingen oer biografy

Njonken de reguliere maitiidslêzing fan de Freonen fan Tresoar op 18 april wurde noch twa jûnen organisearre: 23 maaie en 27 juny. Op alle trije jûnen stiet yn gearwurking mei Tresoar en it Feitsma Fûns de biografy op it program. Op 18 april binne te gast David Veltman, wurksum by it Biografy-ynstitút en de UB yn Grins en Marga Claus, skriuwster fan biografyske fiksje en dosint libbensferhalen skriuwe. Op 23 maaie komme Alpita de Jong (se skreau de biografy fan Joast Hiddes Halbertsma) en Doeke Sijens (dwaande mei de biografy fan Trinus Riemersma) oan it wurd. Op 27 juny is der omtinken foar de biografy oer Tony Feitsma, skreaun troch Liuwe Westra en wurdt der praat oer it belang fan de biografy yn de wittenskip (frisistyk) en de (Fryske) Beweging. Sprekkers op dizze jûn binne Liuwe Westra, Arjen Dijkstra en Hanneke Hoekstra (RUG). De jûnen binne frij tagonklik.

## Sjuery Fellowship

It bestjoer hat yn oerlis mei de direkteur besletten om de sittingsdoer fan de sjueryleden foar it Tresoar-Fellowship te ferlingjen fan twa nei trije jier per termyn. Sa hâlde wy wat mear kontinuïteit yn de sjuery. Ien kin no (maksimaal) seis jier sjuerylid wêze. Dit jier bestiet de sjuery sadwaande op 'e nij út Yme Kuiper, Alex Riemersma en Katja Westra. Mear oer de Fellows fan dit jier is op side 29 te lêzen.

## Gearstalling bestjoer

As bestjoer binne wy bliid dat wy yn desimber in nije ponghâlder ferwolkomje mochten: Liuwe van der Meer út Mantgum nimt dy funksje op him. Hy wie earder dosint Nederlânsk en skiednis, sit al jierren yn de ekskurzjekommissje fan de Stifting Alde Fryske



Liuwe van der Meer. (Marieke Balk Fotografie)



Anna Christien Piebenga. (Eigen foto)

Tsjerken. Mei't de bestjoersgearkomsten net te ferienigjen wienen mei de oare aktiviteiten fan Lammert de Hoop, hat it bestjoer yn desimber ôfskied fan him naam. Syn plak is sûnt febrewaris ynnaam troch Anna Christien Piebenga fan Mantgum. Se hat in achtergrûn yn keunstskiednis, wurke by de Fryske Akademy en wie belutsen by ferskate kulturele produksjes (organisaasje en kommunikaasje).

## Vriendenbijdrage

De Rabobank heeft ons gemeld dat zij met ingang van 2023 – net als andere banken – niet langer acceptgirokaarten verwerken. Dat betekent dat we over moeten gaan naar een andere betalingswijze voor de Vriendenbijdrage. U leest hierover meer in de voorjaarsbrief van het bestuur.

**Letterhoeke is in útjefte fan Tresoar  
en de Freonen fan Tresoar**  
Letterhoeke ferskyn't trije kear yn it jier  
en wurdt fergees tastjoerd oan de Freonen

**Letterhoeke is een uitgave van Tresoar  
en de Vrienden van Tresoar**  
Letterhoeke verschijnt drie keer per jaar en  
wordt gratis toegezonden aan de Vrienden

**Freon wurde?**  
Belje mei 058-7890789 of stjoer  
in mail nei ynfo@tresoar.nl  
De bydrage is minimaal € 20 yn it jier.  
It rekkennûmer fan de Freonen is:  
NL78 RABO 0335 4795 53

**Vriend worden?**  
Bel met 058-7890789 of stuur  
een mail naar info@tresoar.nl  
De bijdrage is minimaal € 20 per jaar.  
Het rekeningnummer van de Vrienden is:  
NL78 RABO 0335 4795 53

**Redaksje | Redactie**  
Marijke de Boer (einredaksje | eindredactie),  
Wieke de Haan, Ids de Jong, Janna Kootstra  
en Janna de Jong (Freonen | Vrienden),  
Linda Hoekstra (sekretariële stipe | sekretariële  
ondersteuning)






**Byldmateriaal | Beeldmateriaal**  
John van Geffen

**Foarmjouwing | Vormgeving**  
Richard Bos

**Printwurk | Drukker**  
Dekker Creatieve Media & Druk

**Ofbylding foarkant | Afbeelding voorkant**  
Byld út de tentoanstelling 'Rjocht of Unrjocht?' |  
Beeld uit de tentoanstelling 'Rjocht of Unrjocht?'  
(Tresoar, foto Haye Bijlstra)

Tresoar  
Boterhoek 1  
Postbus 2637  
8901 AC Ljouwert  
058-7890789  
info@tresoar.nl  
www.tresoar.nl

 [www.facebook.com/tresoar](https://www.facebook.com/tresoar)  
 [www.twitter.com/tresoar](https://www.twitter.com/tresoar)  
 [www.pinterest.com/tresoar](https://www.pinterest.com/tresoar)  
 [www.instagram.com/tresoar](https://www.instagram.com/tresoar)  
 [www.youtube.com/user/TresoarBoterhoek1](https://www.youtube.com/user/TresoarBoterhoek1)

2023 Tresoar en de auteurs

## Aktiviteiten | Activiteiten

### april

- 13 Bijeenkomst Traliewerk, Tresoar, 14.00 uur  
18 Freonejûn oer biografyen mei David Veltman en Marga Claus, Tresoar, 19.30 oere  
19 Bondelpresintaasje Eeltsje Hettinga, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 16.00 oere  
20 Lunchlezing door Theunis Piersma, 'Wat fûgels elkoar oer ús lân fertelle', Tresoar, 12.30 uur  
20 Sympoasium Hindrik van der Meer, Tresoar, 14.30 oere  
21 Kom en Sjong, Tresoar, 15.30 oere  
21 Poëzy op muzyk, Tresoar, 18.30 oere  
21 Sieperda-symposium, '2000 jaar Friezen en hun landschap', Tresoar, 13.30-17.00 uur

### maai | mei

- 11 Lunchlezing door Gerrit Hiemstra, 'Klimaatdilemma een uitdaging voor Fryslân', Tresoar, 12.30 uur  
23 Lêzingen oer biografyen mei Alpita de Jong en Doeke Sijens, Tresoar, 19.30 oere  
25 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur

### juni | juni

- t/m 11 Tentoonstelling 'Rjocht of Unrjocht?', Obe by Tresoar  
27 Lêzingen oer biografyen mei Liuwe Westra, Arjen Dijkstra en Hanneke Hoekstra, Tresoar, 19.30 oere  
29 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur

### july | juli

- 27 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur

### augustus

- 31 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur

Mear ynfo? > [www.tresoar.nl](http://www.tresoar.nl) > agenda

Meer info? > [www.tresoar.nl](http://www.tresoar.nl) > agenda

Sjoch foar de iepeningstiden fan Obe by Tresoar op

[www.tresoar.nl/bezoeken/openingstijden](http://www.tresoar.nl/bezoeken/openingstijden)

Kijk voor de openingstijden van Obe by Tresoar op

[www.tresoar.nl/bezoeken/openingstijden](http://www.tresoar.nl/bezoeken/openingstijden)